



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LVII nûmer 4

desimber 2008

ISSN 0166-6029

myn roas

*sniewyt kristal
berypt prachtige
kontoeren op
ljochtsjend giel*

*in wintermearke
fan rûchferzen
drupkes kleurje
dyn flewiel*

*mei libbenskrêft
bloeisto dwers
troch min fiif
'celcius' hinne*

*mar kin iis-
kristall'n wol
oerlibje yn 'e
wintersinne...*

Marrum

Jelly J. Keekstra

(Ut: 'By it lemieren')

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoaring: Piter Dykstra, Waskemar. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: €5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

DE TSJERKE YN IT GUINNESSBOEK?

As wy thús as bern fan ús muoike en omke yn De Haach ris in (jierdeis-) presintsje krigen, moasten wy binnen in wike oan 't skriuwen fan in 'tanke wol, o sa bliid mei', likegoed oft it boartersguod al stikken wie of noch hiel. En as hjir no in rapport of ferslach fan dizze of jinge yn 'e bus leit, kriget de ferstjoerder binnen in wike in 'tanke wol' werom.

Bertus Postma

In oerheid kin sa hurd en gau net, dy hat langer wurk. De Nasjonale Ombudsman dêroer: Mannich gemeente komt der net oan ta om de brieveskriuwer binnen twa, trije wike in behandelingsberjocht te ferstjoeren. Foar nochal wat gemeenten is acht wike de termyn foar it nimmen fan in beslút. Hy, de ombudsman, stiet op in koartere termyn oan yn de gefallen dat it heal kin.¹

De Drachtster boargemaster hie op in frage fan 3 jannewaris 2006 fan myn kant, op 3 april dêroan noch gjin antwurd jûn: wurk foar de ombudsman. Fan him krige de boargemaster op 25 april in rabbelemint en doe moast er wol yn goedens. De Drachtster liet syn 'klachtekoördinator' my skriuwe, dat er net fan doel wie om yn syn boargerjierferslach ús nasjonale minderheidstaal te respektarjen en te stypjen.² Dat wie op 11 maaie, 128 dagen nei 3 jannewaris, 18 wike en 2 dagen.

Yn in meidieling fan Rykswettersteat hie dy tsjinst mear as ien kear sûndige, mear as ien kear ús lân by

de namme neamd, dy't it yn koloniale tiden hân hie.³ In skriftlik leksum fan 18 april 2008 kaam mar gjin 'nostra culpa' op. Dat op 15 augustus gie in twadde oprop om ta skuldbesef te kommen de doar út. As op 16 oktober de direksje nóch gjin 'wy wiene mis, spitich' opbringe kinnen hawwe soe, wol de ombudsman faaks wol wer tuskenbeiden komme. Dan kin it wettersteatsantwurd 219 dagen nei 18 april hjir yn 'e bus lizze, 31 wike en 2 dagen.

Op 18 desimber 2006 hie ik it FNP-haadbestjoer in briefke skreaun, dêr't mar gjin andert op kaam. Yn de ledegearkomsten fan 20 april en 23 novimber waard it bestjoer der op wiisd, dat it my langernôch duorre.⁴ Yn it begjin fan april 2008 misten de autoriteiten myn skriuwen, dat se krigen der in print fan tastjoerd. Se hawwe my 499 kear om 'e nocht nei in lege brievebus rinne litten. De 500-ste kear hie ik byt en helle it andert op. It wie yn it lêst fan april, 71 wike en 3 dagen nei dy 18e desimber 2006.

500 dagen wachtsje te moatten, it liket my ryklik lang ta, mar der wurdt oars wakker ûngelyk oer prakke-

¹Ferslach fan de Nasjonale ombudsman oer 2006, side 53.

²Bert Middel, 'Minderheidstalen verdienen respect en steun', (LC 12 novimber 2005); 'Onze taal wordt niet serieus genomen', (LC 2 augustus 2008).

³Werkzaamheden A7 Afsluitdijk, (LC 2 april 2008).

⁴Yn de partij is gjin rjochter foar in saak fan (ûn)rjocht en gjin ombudsman foar in saak fan (ûn)fatsoen. De ledegearkomste soe by de bestjoerders om fatsoen trúnje, hie de ferwachting west, mar it koe gjin lid wat skele. De partij is goed, de leden koene better.

searre. De amtlike en politike mûnen mealle ornaris stadich en bytiden amper of hielendal net. Feitwier is, dat de Dútske BASF, in ûnbidich grut bedriuw, al 12 jier op andert fan de Jeropeeske kommisje wachtet. De bestjoersrie freget no it Jeropeeske Hof om help.⁵ Tolve jier, 624 wike! Soene se yn Brussel graach yn it Guinnessboek wolle?

Op 4 juny waard de rie fan de PKN-tsjerke fan Bitgum, Bitgummole, Ingelum en Marsum wiisd op alle feroaring yn 'e wrâld om ús hinne en frege,

oft er him ek net feroarje wolle woe. Al wer lang ferlyn sloech yn de koloanjes de polityk fan 'wat kraaltsjes en spegeltsjes en no stil jimme', foar master op. Tsjintwurdich nóch slacht yn de tsjerken de polityk fan 'in pear eigentalige tsjinsten en no stil jimme', foar master op. Yn uzes is it net oars. It soe my gjin nij dwaan, dat de tsjerkerie de Jeropeeske kommisje fan it earste plak yn it Guinnessboek ferdriuwe wol. Yn 2021 sille wy it witte, oer 13 jier, oer 676 wike.

Fan PvdA en CDA

Yn in briefke fan 12 maart hie ik de Jouster rie frege om yn de Gemeentlike Basis Administraasje fan 'Langwar' en 'Dunega', ensamear, de offisjele doarpsnammen te meitsjen. Yn de riedsgearkomste fan 23 april stiene PvdA en CDA oan op in kommisjepetear oer de nammewiksel. Om b. en w. hoegde ien en oar net, want de doarps-nammebuorden wiene al dûbeltalich (!) It kolleezje wie op 'e doele. It gie my net om 'e kombuorden - dy mochten om myn part sa stean bliuwe - mar om de offisjele nammen, om dy yn de GBA.

B.J. Postma

Op 8 septimber wie it sa fier. Krekt foar it grutte striidpetear (debat) yn de kommisje hiene b. en w. al skine litten, neat mei ús eigen (wetter)nammen op te hawwen: de wurdfierder hie it wol alve kear oer de, net mear besteande, 'Langweerder Wielen', 'Sneekermeer' en 'Tjeukemeer'. Hiene PvdA en CDA de nammewiksel Hollânsk-Frysk yn de GBA goed taret? Soene se komme mei djipsinnige argumenten pro of kontra?

It waard in fakewedstriid Hollân-Fryslân, in wedstriid fan ientaligen yn kolleezje en koalysje tsjin gewoanpraters yn KU en FNP, fan macht tsjin rjocht. De PvdA en CDA hiene myn skriuwen fan 12 maart net lêzen, se wisten net iens wêr't it om te rêden wie, se seine amper wat, se leine har suver fuort by b. en w. del. Mei har ienstimmich 'Diken en Reahel?', dat nooit!' breiden se in ein oan de saak.

Yn in klimaat fan ferdraachsumens en twaspraak (dialooch) hoecht in mearfâldige kultuer net op skeel en

⁵BASF wachtet al tolve jier op antwurd út Brussel', (LC 25 july 2008).

twaspjalt út te rinnen. Yn de gearkomste fan 8 septimber wie lykwols gjin sprake fan ferdraachsumens en twaspraak. Bûtengewoan? Nee hear: fan de 600 minsken dy't yn de Visie21-enkête befrege wurde wiene, achte 53 % de Nederlanner ûnferdraachsum, (Deiblêd 27 april 2006)

Op 25 april stie yn de Ljouwerter de stelling 'Alle gemeente- en plaatsnamen in het Fries'. 58 % fan 1986 LC-lêzers seine der 'ja' op, 42 % 'nee'. Op 8 septimber sei 29 % fan de Jouster riede foarútstrijbende KU en FNP - 'ja' tsjin 'Goaiïngaryp' en 'Langwar', ensamear, en 71 % - de behâldsuchtige, Hollânsksinnige PvdA, CDA en VVD - 'nee'. De Jouster riede liket my gjin krekte fertsjintwurdiging ta fan it folk fan Skarsterlân.

De alfte septimber is it boppesteande as lêzersbrief de Jouster krante tastjoerd.

De folsleine frontferoaring fan PvdA en CDA, fan earst prate te sillen en dan neat te sizzen, wie ferbjusterjend. Mooglik beseften beide koalysjepartijen dy 23-ste april al, dat se neat fan 'Aldehaske' en 'Legemar' hawwe moasten. Politisy hawwe der nammentlik wol bewitten fan dat se falske tasizzings dogge, hast alle Nederlanners (93 %) leauwe it teminsten. (Ljouwerter 23 augustus) Mooglik hawwe tusken 23 april en 8 septimber ûnbekende machten dwaande west om de fjoerreade en ljochtgrene riedsleden te bekearen - de partijôfdielings bûten Heremastate, of de wethâlder yn Herema-state, wa sil it

sizze?

'Sneekermeer heet niet Snitsermar maar Skarstermar'. (Deiblêd fan 2 april 2005) De Jouster boargemaster hie syn gemeenteflage yn de mar plante en it wetter de namme 'Skarstermar' jûn, de mar lei op it lêst foar it grutste part yn syn gemeente. 'Skarsterlân' en 'Skarster Rien' en 'Skarstermar' woene him wol oan, mar 'Skarsterbrêge', de 'Friese schrijfwijze' fan Scharsterbrug, net: yn Scharsterbrug wennen syn boargers, te goed foar 'Skarsterbrêge'.

'Ik bin in FNP'er, en jo?' 'Ik in PvdA-man.' 'Fan hokker PvdA? Fan dy fan Provinsjehûs, Burgum, Grou, Wommels, Ferwert, Damwâld, Stiens, Drylts en Frjentsjer, óf dy fan Harns en De Jouwer?' 'Ik bin gjin kultuerbaar, gjin draaikont en myn fizier stiet altyd iepen.' 'Dan wit ik it wol.'

It giet my as Doekle Terpstra. 'Dat zijn oud-collega Aart Jan de Geus (Sociale Zaken) CDA'er Doekle Terpstra zó dacht te schofferen - namelijk door zijn argumenten achteloos terzijde te schuiven - had hem diep gekrenkt.' (Ljouwerter) Se hiene myn brief fan 12 maart net lêzen, myn fersyk om de nammen yn de GBA te ferbetterjen net en de arguminten dêrfoar likemin. Boargemaster en read/griene koalysje seine samar wat.

It is mar goed, dat de jongferstoarne Elias Annes Borger, Jouster fan komôf en heechlearaar te Leien yn de téology, it Gryksk en de skiednis, dy skande fan Heremastate net mear meimakke hat.

☆ Earst efkes in flaterke rjocht sette. Yn it foarige nûmer makke ik melding fan it ferskinen fan de achtste roman fan Anders Minnes Rozendal by de KFFB. Fan de yn septimber útkommen roman neamde ik de wurk-titel. Mar de titel is letter feroare en moat wêze: 'Under de sinne fan de Ivige'. It is in bibelske roman, dy't yn de Aldtestamintyske tiid spilet.



☆ Yn febrewaris bringt de KFFB de roman 'Frij as de wyn' fan LYTS FRISIA-meiwurker Rommert Tjeerdsma fan Marrum út. It is in histoarysk ferhaal dat om 1850 hinne spilet. It is de twadde roman fan Tjeerdsma. Hy debutearre yn 2006 mei 'Brekpunt'.

☆ Dizze moanne ferskynt it mânske 'Frysk Hân-wurdboek'. Under redaksje fan Pieter Duijff (einredakteur), Rienk de Haan, Frits van der Kuip (einredakteur) en Hindrik Sijens is der mear as tsien jier oan wurke. It is it earste ientalige grutte hânwurdboek: Frysk-Frysk dus. It wurdt útbrocht yn twa bannen fan meiinoar mar leafst 2400 siden. It is in útjefte fan de Fryske Akademy yn 'e mande mei de Afûk. It 'earste' eksimplaar fan dizze 'Fryske Van Dale' sil op 19 jannewaris oan minister Plasterk oanbean wurde.

☆ By útjouwerij Bornmeer ferskynde koartlyn in ferhalebondel fan Ulke Brolsma fan Grou, de pakesizzer fan Reinder Brolsma (1882-1953). De titel is 'Werom nei Grou'. Yn de ferhalen skriuwt Brolsma oer syn bernetiid yn Grou.

☆ De Friese Pers Boekerij - yntusken in ûnderdiel fan útjouwerij Kok/Ten Have - soarge foar in pear fer-rassings. Yn it foarste plak kaam der nei fyftjin jier wer ris in roman fan Willem Verf (1949) t. De titel is 'It swijen net wurdich'. It boek waard oankundige as in 'aktuele psychologyske roman'. Willem Verf debutearre yn 1982 mei de roman 'It bliuwt pielen'. Yn 1984 ferskynde syn ferhalebondel 'In delgeande tiid' en trije letter syn roman 'Tiid fan libjen'. Yn 1993 kaam der foar it lêst wurk fan Verf út: it boekewikegeschink 'De neisimmernacht fan Sjoerd en Eppy'. Dêrnei naam de polityk him te bot yn beslach om ek noch tiid te hawwen foar de skriuwerij. Hy wie in tal jierren Steatelid foar Grien Links.



☆ **U**tjouwerij Venus is ien fan de jongste Fryske útjouwerijen, mar hâldt no alwer op fan bestean. Ien fan de lêste útjeften is de fersebondel 'As wurden slipe wurde' fan Josse de Haan (mei Trinus Riemersma de oprjochter fan Venus) en byldzjend keunstner Hendrik Beekman. De Haan hat him yn syn fersen ynspirearre litten troch de bylden dy't Beekman makke hat.

☆ **D**e twadde ferrassing by de Friese Pers Boekerij wie it ferskinen fan in debútroman: 'De hearen fan Fryslân' fan Arjen Terpstra (1948), de soan fan de yn 2006 ferstoarne Piter Terpstra. 'De hearen fan Fryslân' spilet sawol yn Fryslân as yn Amearika. De roman waard posityf ûntfongen en wie it bêst ferkochte boek yn de ôfrûne sutelaksje. Op dit stuit wurdt der net allinne wurke oan in werprintinge, mar ek oan in Hol- lânske en in Ingelske oersetting.



It Wilhelmus en it Horst Wessel-liet

Doe't der okkerjiers in diskusje útbruts oer it 'Frysk bloed tsjoch op' wienen der guon skribinten dy't derop wiisden dat it Wilhelmus dochs in folle better folksliet wie. It is opfallend, hoe't it Wilhelmus boppe alle kryptyk ferheven liket te wêzen. Mar der lykje net in soad te wêzen dy't har ferdjippe hawwe yn de moderne skiednis fan dat liet. En dan bedoel ik net de tekst, mar de meldij.

Kerst Huisman

Yn 1932 krige Nederlân in nij folksliet. It âlde mei de tekst 'Wien Neerlands bloed door d' aardren vloeit, van vreemde smetten vrij' foldie net langer. De kar foel op it Wilhelmus, in ein sechstjinde ieu makke fers. Dat hie ek syn beswieren. It wie nammentlik nochal trochlutsen fan it 'In Godes

vrees te leven'. Mar ek de wize paste net. Dat wie de meldij fan Chartres en dat song net lekker. Se hawwe doe in wize liend út Dútslân. Dat wie de âlde wize fan it Treueliet. De tekst fan dat liet wie makke yn 1814 troch Max von Schenkendorff op in âldere wize. It liet ferhellet fan manlike deugden, fan trou as dy fan de Dútske iik

en de útsmiter is grif de lêste strofe fan it fjirde kûplet: "Wolln predigen und sprechen vom heiligen deutschen Reich': 'Wolle preekje en sprekke oer it hillige Dútske ryk'.

Inkelde jierren letter waard it liet fan Von Schenkendorff oannaam troch in nije organisaasje yn it Dútslân fan Hitler. It waard it Treueliet fan de SS, en as sadanich songen op 'gemütliche' gearkomsten fan dizze klub tusken putsjes as it delsjitten fan partisanen en it fergassen fan joaden troch. Tagedyk waard de meldij útstjoerd troch de BBC, as Nederlânske nasjonale hymne. De kâns is dus alhiel net lyts, dat joaden dat lêste earst noch yn Nederlân heard hawwe en koarte tiid letter deselde wize fleurich troch har moardners sjongen heard hawwe, doe't se op 'e drompel fan 'e deastienen. Dat is pas irony soene jo sizze kinne, as it net sa djiptreurich wie. Ditselde Dútske liet is hjoeddedei de liifsang fan de klub fan de neo-nazi Gerhard Ittner, dy't him ynset foar de 'Wiederherstellung der Handlungsfähigkeit des fortbestehenden Deutschen Reiches', mar dy't krektlyn de grûn ûnder de fuotten yn

de Bundesrepubliik te hyt wurden is en asyl oanfrege hat yn Iran.

Der is in oar liet út de Hitlertiid dat nei 1945 yn de measte lannen ferbean is. Dat is it Horst Wessel-Liet, in partijliet fan de nazi's. Dat ferbieden is ek terjochte, want it sjongen fan 'Kamraden die Rotfront und Reaktion erschossen Marschier'n im Geist in unsern Reihen mit' heart net yn ús frije maatskippij. Mar de wize fan dit liet is in âlde religieuze folksmeldij út Sweden. Mar allinnich it spyljen fan dy meldij al stuitet as it alris foarkomt op skerpe ôfwizing. En terjocht.

Mar der is nei myn smaak gjin inkeld prinsipiële ferskil mei de wize fan it Wilhelmus, fan in achttjinde iuske meldij nei it SS Treueliet. Der soe dus likegoed oanlieding wêze kinne it Wilhelmus, al least de wize, te ferbieden. Mar dat sit sa djip yn de tsiiskoppen, dat krije jo der net mear út. En it hoecht om my ek net, mar wy soene wol as persoanlik stânpunt yn nimme kinne, yn elts gefal noait mear foar dat liet oerein te kommen en te krewearjen foar it ôfskaffen der fan as Nederlânsk folksliet.

KAFEE 'ROM SICHT' (9)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

"Do koest wol net rjocht halich wêze." Fetse sei it sa sydlings tsjin Boate, doe't dy der mei de earste konsumpsjes bylâns kaam. "Do bist nefens my ek wat skier om 't kopke."

It antwurd op dizze opmerking bleau ynearsten út. Swijend die de kastlein syn dingen. Doe suchte er djip, luts in stoel oan en joech him in amerij by de mannen oan 'e stamtafel del.

"Ik haw it wer," sei er riedseleftich mei de hannen oan 'e holle, "it is wer safier." "Wat hast wer?" ynformearre Minne nijsgjirrich, wylst er it fleske miksdrank yn syn glês lege. "Sa te sjen hast gjin priis yn de Staatslotterij wûn."

Boate naam ien hân fan 'e holle om der de romer mei op te tillen en syn jong slokje yn ien kear yn 'e kiel te jit-

ten. Dat wie op himsels al in teken oan 'e wand, want hy wie oars altyd tige by de mjitte wat drank oangie, teminsten as er yn 't wurk stie.

"De blêden falle wer fan 'e beammen," ferklearre er doe, wylst er de lege romer mei in klap op 'e tafel delkomme liet, "en dat is foar my altyd in min skoftke. Ik kin der neat oan dwaan, it sit by ús yn 't laach. Us heit hie it en ús pake wie der ek al mei besocht." En om de earnst fan de sitewaasje oan te tsjuten, liet er nochris in djippe sucht.

De mannen wiene der suver wat foarwei, sa koenen se Boate net. It wie net sa dat de man no de godgânske dei oerdwealsk stie te jubeljen en te sjongen, mar it wie yn 'e regel in moai evenredich persoan dy't rêstich syn dingen die mei foar elk in freonlik wurd.

"Mar do hast it hjir ommers as

smoarge beane," besocht Geart him moed yn te sprekken, "in kreaze saak mei in soad klandyzje, wat wolst noch mear..."

"Dom praat," sei Watse, "dat hat neat mei in kreaze saak út te stean. Jo hawwe it of jo hawwe it net, it is in sykte."

"Sa is 't mar krekt," reagearre Boate, "en ik há in kreaze saak, dat sil sa wêze. Mar somtiden tink ik wolris ik hie better amtner wurde kinnen. Moarns njoggen oere begjinne en om fjouwer oere wer by mem om 'e tafel. Sneon en snein de hiele dei frij, in fêst ynkommen en gjin soargen. It soarte amtner dat hjir geregeld troch de doar stapt om te sjen at ik wol oan alle foarskriften foldoch. Der binne safolle wetten en regels dêr't ik my oan te hâlden ha dat de man der sels yn ferslacht, dêrom hat er in tsjok boekwurk dêr't alles yn stiet. Dêrom komt er ek sa faak. As er alles yn ien kear kontrolearje moast, hie er wol in wike wurk."

Hy liet moedeleas de holle wer sakje, it wie dúdlik dat de depresje noch net foarby wie.

Fetse naam syn Bearenburchje op en stoareage yn 'e fierte, as soe dêr de oplossing fan Boate syn problemen te sjen wêze.

"Eins soest krekt as dy jonges fan in jier as sechstjin dwaan moatte," sei Minne. "Keapje in âld SRV-wein, laad him fol mei kratten bier en oare drank, dan bist fan alle amtners ferlost, want dêr komme se net."

"Ja, dat neame se dan 'gedoge'," wist Watse, "wetten en regels jilde blykber allinnich mar foar in part fan

it minskdom, de rest hoecht him dêr neat fan oan te lûken."

Dat hie er better net sizze kinnen, want dit wie foar de earme kastlein de drip dy't de amer oerrinne liet. Hy wraksele himsels oerein, de eagen draaiden him frjemd yn 'e holle.

"Jim rêde jim sels mar," gnoarre er yn 't foarbygean. "Fetse hâldt it mar by, de oare kear mar ôfreakkenje." En fuort wie er.

De mannen bleaunen wat ferslein efter, de nocht fan it noflik byelkoar sitten wie der suver wat ôf.

"Hie dy dan de snút ek hâlden," sei Geart tsjin Watse, "do witst hoe't Boate oer ûnearlike konkurrinsje tinkt, dat leit gewoanwei al hiel gefoelich en nó fansels hielendal!"

Oars hie Watse yn 'e regel syn wurdse wol klear, mar no hâlde er him stil en stoareage skuldbewust foar him út.

Fetse woe de fleur der oars wol wer wat ynbringe en besocht om in oar sjapiter op it aljemint te bringen: "Hawwe jimme okkerdeis de lêste útstjoering fan 'Hûs te keap' op Omrop Fryslân ek sjoen?"

De mannen skodhollen, allinnich Watse libbe wer wat op, want hy wie de iennichste dy't der eagen op slein hie.

"Ik foel sawat fan 'e stoel doe't Geart van Tuinen oan it frouminske frege hoe lang se al yn Boelensloane wenne," sei er, wylst er in flinke slok fan syn jong slokje naam.

"Tritich jier," naam Fetse it pe-tear oer, "moatst begripe, sa'n minske komt út Den Haach, set har nei wjen yn Boelensloane en tritich jier

letter moat Geart van Tuinen him noch ferbrekke en har yn 't Hollânsk oansprekke. Dan hawwe sokke minsken noch net it fatsoen hân om de taal te learen fan it lân dêr't se wenje."

"Se lake der oars wol freonlik by," murk Watse op. "Se sil wol tocht hawwe, wêrom in taal leare as alle Friezen dy't ik tsjin kom har dochts wol ferbrekke, sa gau as se ek mar ien wurd Hollânsk hearre. En dan hat se ek noch gelyk."

"No dat fyn ik net," foel Geart yn. "As it minske wat piid yn 'e bonken hân hie, dan hie se de taal leard, net-

tsjinsteande alle slappe Friezen."

"Dat koe se miskien wol net betelje," Fetse wer, "se frege mar 785 tûzen euro's foar it wentsje. Fan sa'n bedrach kinne jo gjin grutte sprongen meitsje."

Minne seach op 't horloazje. "Net om 't iene of oare, mar ik moat aanst noch fuort."

"Ja," sei Fetse, "ik sil jimme fertarrings op papier sette en dan de oare kear mar eefkes mei Boate ôfrekkenje. Wy hoopje dat er dan wer wat by sûpe en stút is."

In net earder publisearre folksferhaal

Fan drs. Jelle Krol fan TRESOAR krige de redaksje twa noch net earder publisearre folksferhalen tastjoerd. Yn dit nûmer pleatse wy der ien fan - De spoekblom - en it oare hoopje wy takom jier op te nimmen. De ferhalen binne yndertiid fia Douwe Hermans Kiestra by Teake Hoekema telâne kommen. It typoskript fan 'De spoekblom' tsjut der op dat D.H. Kiestra net de skepper fan it ferhaal is. Kiestra sil it as samler fan ferhalen yndertiid wol krigen hawwe. Dr. Jurjen van der Kooi fan Bûtenpost krige yn jannewaris 1985 it ferhaal fan Teake Hoekema mei it fersyk om 'syn sin' der ris fan te sizzen. Hy skreau op 26-8-2008 oan Jelle Krol, dat it net in folksmearke is. Jelle Dotinga fan TRESOAR hat it typoskript oertypt yn de troch de ferteller brûkte stavering om de autentikens te bewarjen. Hjirûnder folget it ferhaal 'De Spoekblom'.

DE SPOEKEBLOM

In mearke

It wier yn 'e tiid, noch fier foardet Redbad hjir to uzes kening wier en de namme Fryslân by oare foltsen allinne mei ûntsach útspritsen waerd, do't yn it Súdeasten efter de âlde Middelsé, dy't fier it lân ynroun, wide, sodzige sompen leine, hwer't oars gjin libben dijde as fen froasken, ôfsichtelike podden, as fen djieren en planten, dy't allinnich yn in tsjustere, stjonkende, ûnhuere atmosfeer woltiere kinne, hwer't soun, frisk libben it net úthâlde kin, mar wei wirdt, stadich en wis, yn broeiske, neare, forstikkende loft.

Net sa hiel fier fen de greate sompen ôf wennen do wol minsken, mar nea hat ien fen harren it weage om by rûzich hjerstwaer dêr yn det sodzelân de plommige reiden to sammeljen, om syn klinte ta to rissen for de wylde en kâlde winterstoarmen op kommenswei. Wol moasten de biwenners do fierder gean nei de djipper it lân ynlizzende poellen, mar det ljeaver as nei dy ôfgryselike sompe ta, dêr't it spoeke.

Asta, de âlde tsjoenster fen it doarp - 189 jier wier hja - koe der nuvere forhalen oer dwaen. Ienris yn it jier, det wier altiten by it midwinterfeest, den plichte de doarpsrie hjar oardiel to freegjen oer de takomst, hwent al hokfor rare meneuvels de âlde Asta der ek op nei hâldde, de takomst foarsizze, dét koe hja. Nea wier it oars as hja foarsei útkommen; stees wier yn de rin fen det jier bard hwet hja profetearre hie. Sa b.g. det de jongste soan fen Wigor, dy't fierwei it bitûfst wier yn it jeijen, net de dea fine scoe faeks yn de striid mei it wylde swyn, mar troch it oanreitsjen mei syn mes fan in stien. It wier útkommen. By

it slypjen op in hirde, glêdde stien snapte it út en fike er himsels yn 'e finger. Binnen trije dagen hawwe syn doarpsgenoaten him biërdige yn in greate rounne grêfheuvel.

Ef, do't de âlde Asta foarsein hie, det yn det nije foar hjarren lizzende jier der great ûnk, kjeld en tsjusternisse oer hjarren komme scoe, mar dêrnei ljocht en waermte; det der mar stees oanhâldende droechte komme scoe, hwertroch elts waechsen fen plant en dier, ja sels it minsknelibben bidrige, forneatige en opkeard waerd, hwernei it reine scoe, spiele fen boppe en fen ûnder. Ek det wier útkommen, likegoed as de foarsizzinge det der ûnk komme scoe oer it doarp en soks it bigjin fen in bult lijen wêze scoe.

De wiisfinger rjucht omhegen, de holle skean, de krûmme noas skerp út it antlit nei foaren springend hie hja skouderjend dy kant fen it somplân út digere en mar prevele: "Unk! Unk!", oant hja skodholjend de greate rounte fen de doarpsrie forlitten hie en strampeljend hjar paed socht hie nei hjar iensume klinte oan 'e râne fen it doarp.

Ek dat alles wier yn forfilling gien.

It ûnk wier kommen, der hie gâns kjelt west, in sinneklips hie der west dy winters en dy simmers hie it forskoerrend droech west, sa droech, det der neat groeid wier. Der wierne do in heap minsken en bisten stoarn. Do, dêrnei, dy ôfgriselike, dagen lang oanhâldende stjalpreinen, as mei amerfollen tagelyk fen boppen getten, en dy oerstreaming fen út it somplân net to forjitten...

Ja, boaze tongen yn it doarp mochten Asta den wol biskildigje fen tsjoenderij - en dy't det seine wierne der net sa hiel fier bisiden -, yen de takomst leze, dét koe hja. Men moat ek net freegje hokfor krêften hja dêrta gebrûk fen makke. Nimmen hat ea yn hjar skeamele wente hjar warber sjoen fen toalf oant ien mei hjar wûndere samling bisten, krûden, drankjes, ûntúch en hwet der mar mear wier. Nimmen hat hjar ea dy nuvere sechjes preveljen heard wiles hja by it spoekftich ljocht fen hwet brânnende prikken in hazze de bilch iepensnie en de saun wylde katten mei eagen as taffelboerdtsjes, mei klauwen as messen om hjar hinne sieten, de rûge stirten mei it knetterjende, fûnkenspattende roetswarte hier, steil oerein. Nimmen hat der ea tsjûge fen west ho't yn dy hutte âlde Asta op in ûnljige stoarmjoun hookstrooks mei in keppel katûlen ta de skoarstien út floddere wier en om ien ûre nachts earst wer weromkommen wier.

Dit alles en yet folle oare nuvere meneuvels wist net immen hwet fen. Net immen? Ja, dochs! Det wier it greate wite spoek fen it somplân, mei

de lange nekke en de fiif greate hierren op syn kop, ôfsichtelik om to sjen.

Al lang foardet Asta yn it doarp wenne, húsmanne it steile spoek as yn it sodzige somp twisken de reiden en de hjir en dêr op hwet massiver plakken flau omheechsjittende wylgen, mank it nearzige, brune, soms hommels opbûljende wetter. Oerdeis seach men it amper, al wier it der wol. Nachts, ja, den sweefde it de lange seam ôf, hwer't de skieding wier twisken it fean en de klaei, en wé dejinge, dy't it moette: ûnforbidlik waard hy meilitsen yn it somp. As de man faeks tocht, det er yet op fêste groun roun, omklammen ynienen in pear hannen as skroeven him boppe de ankels en litsen him ûnwearsteanber nei ûnder oant allinne in pear brobbels it plak teikenden, hwer't it spoek mei de lange nekke en de fiif greate hierren op syn kop, it spoek fen it somplân, syn wirk dien hie.

Hwet hie it spoek earst lake dêr midden yn det tsjustere fean, hwer't it nea, ek nachts net stil is; ho hwerjend hie syn laits him mongen mei allerhanne bistelûden mank it jimmer biweegjende, soeijende en roeijende reid, hwer't de wyn trochspiele; ho ûnheilstoaijend hie de wearklank fen dy dryste laits opgalme út dy hûnderten fan puollen rounom, det de stjerren der kjel fen waerden (oant hjoed-de-dei beevje en sidderje hja yette); ho rydboskjend hie det alles klonken, do't it wite spoek merkbytte, det der minsken hjarren deljown hiene to wenjen net fier fen it somp ôf. Mar ek, ho hie it raesd, brobbele en beard

dêr yn det greate moer, en gûld en tjirmd en tjirge en spoeke, do't it wite spoek fornaem, det ûnder dy minsken in âld wiif wier, in âlde krûmme tsjoenster, dy't yet gâns mear macht hie. Ho hie it syn grimitigens net op middels sind om dy âlde waer-ûle yn it somp to lokjen, mar nea wier it biteard. En âlde Asta fen hjar kant hie it der ek net by sitte litten en fakernôch bisocht it spoek binnen de mûrren fen hjar klinte to krijen. As det slagge wier, scoe it spoek ophâlden hawwe fen spoekjen...

Ien fen dy middels fen Asta wier de foarsizzinge op midwinterdei, det der det oankommende jier ûnk komme scoe oer it doarp en det det ûnk út it somp wei komme scoe. Hja wist namentlik det it spoek dryster wurde soe as it mear minsken yn it somp lokje koe. En dy drystens gyng... mar det scoe fierste yslik wirde om det to fertellen.

De âlde tsjoenster Asta hie foarsein oer it ûnk út it somp en it kaem út. De doarpelingen op siik nei nije fruchtbere gebiten of werom kaem fen de jacht wisten al ridlik gau to fertellen fen it wite spoek. Binammen do't men ienris de macht kende fen it heislik minster en syn forriederlike oerfallen op de minsken fen it doarp mar stees foartgongen, mijde men dy streken, hwer't men it sjoen hie. Binammen do't de doarpsgreate Sigmund troch it spoek omfette wier en mei geweld nei ûnderen litsen wier, sa as letter syn soan, dy't it fen fierren barren sjoen hie, fortelde, eange men it spoek. Ek letter, ho faek kamen as de Mânljue by ljochtmoanne nachts it wylde swyn

opjoegen, forskate fen hjarren net wer werommeiskoerd as hja wierne troch it greate wite spoek mei syn lange nekke en syn yn it moanneljocht klear to ûnderskieden fiif greate hierren op 'e kop? Men bigong de plakken to skouderjen hwer't it spoek húsmanne en syn luguber wirk die, mar hwa wist hwer't de grins laei twisken fean en klai, twisken hwer't it spoek al en hwer't it net kaem?

It jier, hweryn Asta ûnk foarsein hie, wier dos ál kommen en foargoed ek. Hofolle fen dy prachtige krêftige jongerein, hofolle warbere striidbere Mânljue hie it spoek yn it somplân al net opswolge? En dochs bleauwen dy minsken fen det doarp der mar tahâlden en hâldden hja de striid om it bistan fol mei in taeijens en ûnforsetlikens, dy't nou ienris ús foarfaars eigen is.

Sels de âlde hekse waerd der hast binaud ûnder en al hjar bisten, fen de wylde katten en flearmûzen ôf oant de stienkrobber en tûrren ta, al hjar kennisse fen plantekoaitserij hat hja to help roppen om it spoek to forneatigjen. Binammen do't hja fornaem, det it spoek hjar fakernôch waernommen hie wiles hja yn hjar klinte hjar formules útsprits, do't hja merkbytte det it alhiel fen hjar tsjoenderij op 'e hichte wier (it spoek hie wolris troch de naden en boarsten kipe en, wer yn it somp werom hjar útgniisd sa forheftich en lûd yn him sels praten oer hwet it sjoen hie, det it reid det heard hie. En it reid fortelde it oer oan it reidmoskje en dy brocht it wer oer oan de wyn. En hwet is feilich by de wyn? Dy struit it oeral

roun en boartet dermei, dy smyt soks omhegen en heint it fierder wer op of forjit it en it bliuwt den hingjen earne dêrjinsen twisken de beammen, hwer't de greate ûlen it hearre; en dy bringe it daliks oer oan Asta. Sa giet det den troch de bank en sa wier it ek nou gongen) - nou, binammen do't Asta det wist fen it spoek, kende hjar razernije gjin grinzen...

En op in joun, stoarmich en rûzich, stoep hja ta hjar klinte út, de âlde krûmme hekse, en bijoech hjar op in paed mei in greate ûle yn sûzjende wjukslach boppe hjar holle en oan wjerskanten twa wjukkeljende flearmûzen; de saun wylde katten hâldden thús de wacht. Ek de wyn hie hja to help roppen: dy bearde en kroande yn en om hjar hutte en hold de doar ticht. Alles hie hja yn it wirk steld, hjar boadskip om help wier wit ho fier om útiens gien, om it wite spoek dizze nacht to forneatigjen. En it scoe forneatige wirde dizze nacht... óf hjasels!

De âlde tsjoenster strompele knofelich fierder det op nei it sodzelân, hwer't it wite spoek mei de lange nekke en de fiif greate hierren op syn ôfsichtelike kop húsmanne, nei it somp det syn trewis wier, it moer, det dizze joun fol wier fen tsjustere en heimsinnige lûden. In warskôgjende wjukslach fen de greate ûle mei syn fjûrge eagen die hjar stilstean. Al ho machtich de âlde hekse ek wier, de grize roun hjar oer de grouwe do't hja yn 'e fierte in dizenich wite flek dounsjen seach.

Dêr, dêrjinsen wier it spoek. Dêr wie it sodzelân. "Jimme witte hwet

jimme to dwaen stiet," sei hja.

"Oe-hoe-oe," gûlde de ûle.

"Kr-kr," kreaken de flearmûzen.

En dêr kaem it spoek oansweefjen, hin en wer dounsjend, de lange nekke nuver boppe ta de brike skouders út, yslieke lûden útstjittend om ynienen, foartby, ûnder in ôfgriselik laitsjen, det út 'e groun rounom skynde op to stigen en tûsenfâldich wearklonk yn de hûnderten poallen, hweryn de bûlen forheftich opbrobbelden, syn klauhanen útsjitte to litten om Asta mei yn it somp to slepen. Mar op it stuit det it tagripe scoe, sloech de ûle forheftich mei syn wjukken it spoek tsjin de eagen, hwer't by eltse wjukslach it fjûr útspatte en do grypte it spoek for it earst yn syn spoekelibben mis. De âld hekse sprong efterút en sette it op in rinnen. De beide flearmûzen wiisden hjar dêrby it paed. Den bleau hja wer stean, en wer wier de ûle boppe hjar.

Wer kaem it spoek werom, wer grypte it ta en wer grypte it mis, trochdet de ûle yet forheftiger sloech as de foarste kear en wer kaem Asta hwet tichter by hjar wente. Sa gyng det troch en it herhelle him salang det it spoek foartby de klinte fen de tsjoenster wier sûnder it to merkbiten. Do staette de wyn de doar iepen en Asta skeat nei binnen en it spoek seach to let hwer't er wier. De wyn klapte de doar ticht en blaesde en bearde om hiel it hûs hinne mei gâns faesje, sadet it wûnder wier, det it net ynstoartte.

Foar't do it spoek finzen wier, fleagen de saun wylde katten op him ôf en driigden mei hjarren flymskerpe klauwen him de eagen út 'e kop to skoerren as er him mar forweegde en

hâldden him sa yn bitwang. Wiles makke de hekse boppe in prikkefjûr in greate pôt mei wetter oan 'e soad.

"No ha'k dy, âlde en nea scilst wer spoekje!" In wrede laits dounse mei it skaed fen de flammen op hjar antlit op en del. Do't it wetter klear wier, pakte hja in hazze, lykas hja altyd die by it meitsjen fen in drank, en liet it waerme bloed yn it siedend wetter rinne, hwerop hookstrooks in griene dize hjar omsweefde. Den plante-sappen derby fen de wylde toarn-bei en de wylde roas, stykels fen de wylde roas, reidplûmen en oar snilen bizegûd. Do plôkke hja treie kear in foech hânfol wol 'ut in skieppe-flues, det boppe de doar hong, en dompele det deryn. De hiele klinte rekke fol tichte, nuver ljochtsjende griene reak, hweryn de skylden fen de stienkrôbben tsjin de mûrren wûnder opglânzen swart-blau. De greate katûl boppe op hjar skouder sittend, pripeage mei feninige blikken stees nei it spoek, det nou noch witer wier as ea tofoaren.

De saun wylde katten, swart as ebbenhout, de stirten yn giseljende biweging, sieten op it boarst fen it spoek en hiene gjin each fen him ôf, wylst fen de flearmûzen, dy't oeral oan de souder hongen, hieltiten hjit wetter dripte, det mei koarte skerpe tikken rigelmiettich op 'e flier foel, hwer't it sizzend lizzen bleau...

Alde Astra rierde nou yn de greate pôt en stits de hân deryn. Do't se him derút helle siet der in lange, lange stâlde oan, dy't hja foartdaliks wer yn de koaitsende en siedende brijstits, wer derút helle en yetris deryn

treau. De twadde kear det hja de stâl derút helle, sieten der blêdden oan, de tredde kear ek woartels. Dêrmei stoep hja op it spoek ta. Ynienen gyng in siddering troch alles hwet yn de klinte wier, troch plant, dier en húsrie.

"Ien, twa trije,
Dy mei ik net lije
Fjouwer, fiif, seis
Geast foart mei 't fleis!

Fleis derút, geast deryn
Waeije scilst yn rein en wyn
Libje scilst yn sodzelân
Sûnder minsken kwea to dwaen.

Oeki, loeki, spoeki! Draei dy om!
Spoek, wirdt spoekeblom!"

It wier, do't de tsjoenster dizze spreuk útspritsen hie, as heldere de hiele atmosfear ynienen op. De dize waerd wei, fen katten gjin spoar mear to bikennen, gjin fûgel mear to sjen, gjin flearmûs hong mear oan de balken. In spoek? It wie der net mear. Allinne âlde Asta stie der krûm foaroer, mei in berneftige laits om hjar iepenhingjende mûle en yn hjar hannen in lange kronkeljende stal, mei teare fine blêdden en in blom, sa yn-wyt en sa alderivichst moai fen foarm, det it hjar bigreate sa'n akelik lilck spoek foroare to hawwen yn sa'n hearlike blom. Hjar hân striek beevjend en koezend oer de fine kelk, hweryn de fiif greate hierren fen it spoek forstienne liken to wêzen ta moaltriedden en de lange nekke ta stimper.

"It is my slagge," mei in djippe sucht kaem hja ta hjarsels en makke

hjar klear for it leste krewei. Hjar paed gyng wer nei it sodzelân ta en by de seam hâldde hja wer stil, groef in lytse kûle en sette de plant der hoeden mei de woartels yn, en treau de groun deromhinne foarsichtich stiif oan.

“Nou groei en bloei
Yn wyt habyt
Nin minske ea sett’
Itsy ier, ’tsy let
Syn foet, hwerdet dyn blom
Wikt tsjin ’t somp, rounom,
Hwert’ alearen it spoek
Gemien en temûk
-Al waerd ’t syn skea-
It folk brocht to dea.”

En dêrmei hie âlde Asta in blom groeie litten om de minsken to warskôgjen for it somp. As de minsken de spoekeblom seagen yn syn wite

kleaijnge, den tochten hja oan it spoek en wisten det hja gefaer rounen troch it somp opswolge to wirden. En den biwarren de minsken in feilige distânsje twisken hjarren en de blom.

Lang neitiid, do’t âlde Asta al lang dea wier, like it as hie it destydske spoek dochs net al syn macht forlern, hwent de spoekeblom groeide op ’t lêst ek op plakken hwer’t gjin somp wier. Koe it ek wêze, det it spoek yet yn de spoekeblom libjende âlde Asta en de oare minsken narje woe, troch op plakken fier fen sodzelân ek to waechsen?

De minsken fen hjoed-de-dei steure hjar den ek net mear oan de spoekeblom, hwent dy warskôget nou net mear for it somp.

Mar alearen? Ja, do wier it effen oars.

In grut part fan ús leden en lêzers hat it lidmaatskips- (€7,50) of lêzersjild (€5) foar it jier 2008 al oermakke. Guon makken sels in bytsje mear oer. Tige tank dêrfoar. Foar dejingen dy’t noch net betelle hawwe, is yn dit nûmer in strypke ynsletten mei it fersyk om it jild sa gau mooglik oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan : SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj. H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

‘Lyts Frisia’ ferskynt fjouwer kear jiers. Sa wie it oant no ta alle

jierren, mar spitigernôch komt der hieltiten minder kopij binnen. En kopij is nedich om ús tydskrift regelmjittich ferskine te litten. Dêrom ús oprop oan leden en lêzers: Stjoer kopij yn. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. It folgjende nûmer komt yn maart út. De kopij foar dat nûmer moat ynstjoerd wurde foar 1 febrewaris nei: Redaksje ‘Lyts Frisia’, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar mear ynformaasje: tel. 0511-463869.